


De wrâld is rûn; Fan Itens oant Teminabuan

Earder publisearre yn *Klaaikluten* 2001/3: 2

Jelle Miedema

Dit stikje is in ústapke tuskentroch. It is in ferslach fan in reis troch de tiid wêrfan it begjin en it ein, neist de reizgers sels, ferbûn binne mei Littenseradiel.

Foarhinne hienen myn âlden, Leendert en Gryt Miedema-Risselada, yn Wommels in partikuliere útliebibleteek, letter opgongen yn in ‘Stifting Algemiene Bibliotheek foar Hinnaeradiel’. Foar dy eigen bibleteek hellen wy as bern nije boeken út Boalsert, Frjentsjer of Snits, mar begjin jierren sechtich moasten wy foar de nije bibleteek op in middei nei Itens ta. Wat wie it gefal? Itens hie in nije Doopsgesinde foargonger krigen, ds. Marcus, en dy hie ek in protte boeken. Om koart te gean, hy stelde syn boekenbestân beskikber foar útlieb en myn jongste suster, Nynke, en ik, doe Mulo-learlingen, krigen de taak earst mar ris in ynventarisasje to meitsjen fan wat der allegearre oan boeken wie. Foar ús waard dat sawol in ynspannende as spannende dei. Behalve dat we dominy en mefrou wol apart fûnen, hienen se ek bysûndere boeken. Dat wol sizze, in soad boeken oer Nij-Guinea mei dêryn tige nijsgjirrige yllustraasjes. Mar al mei al waard it neat mei dy útliebning en de Itens-dei sakke yn’e rin fan’e jierren djip wei yn it ûnthâld.



De âlde Meniste pastorie fan Itens

Ik meitsje no in sprong yn de tiid. Nei de Mulo yn Wommels, de HBS yn Snits en de Ryksuniversiteit yn Grins, kaam ik as antropoloog telâne op it saneamde Fûgelkopskiereilân fan it eardere Nederlânsk Nij-Guinea (nei 1962 Irian Jaya, no Papua). Myn earste reis dêr gong yn 1975 nei Teminabuan, in doarp oan de súdwestkust, om fan dêrút in toernee te meitsjen nei it binnenlân. It wie allegearre noch wat frjemd, mar dat duorre net lang. Nei oankomst mei de CESSNA (type reklamefleanmasine) wie ik ûnderweis nei it doarp al in âld DAF (grif noch út de Nederlânske tiid) tsjinkommen en yn it plak sels krige ik kofje mei dêrby molke út in blikje mei dêrop de Fryske flagge.



De 'Frisian Flag' yn Teminabuan (1975)

Mar dat wie noch mar it begjin. Myn gasthearen woenen witte wêr 't ik wei kaam en ik hoegde mar to wizen op it blikje, of it wie al: 'Ah, dari tanah susu bendera' (ah, út it lân fan de molke mei de flagge). No, dan koe ik ek fêst wol harren eartiidse dominy 'Markoes'. Dy namme sei my op dat stuit neat, mar de Papua's rekken oan 'e praat oer hoe bysûnder harren dominy Markoes en net minder syn frou, ek noch wol in dokter, wol net wêst wienen. Neffens de manlju hie hy it bestien om eigenhannich in inisjaasjehûs foar jonges ôf te brêkken en neffens de froulju hie sy de gewoante hân, as les yn hygiëne, om har bleat yn 'e rivier te baaien (se dogge dat dêr op ferskillende tiden en plakken, manlju de stream op en froulju de stream ôf, mar wol mei noch wat klean oan). Elkenien wie it der oer iens: 'Dua-dua luar biasa' (beiden wienen hja bûtengewoan). En ynienen realisearre ik my dat dizze Markoes en syn frou de dominy en mefrou Marcus fan Itens wêze moasten. En ek realisearre ik my doe dat myn earste kennismakking mei Nij-Guinea yn Itens lei. Yn it tige waarme Teminabuan gie it my kâld oer de lea; ik wie êfkes werom yn de kâlde marmeren gong fan de âlde Doopsgesinde pastorijs fan Itens.

Tweintich jier letter (yn 1995) moast ik opnij nei Nij-Guinea ta en ûnder oaren wer nei Teminabuan, no om dêr in oankommend antropolooch by syn fjildwurk te begelieden. Troch tige wiet waar en minne ferbiningen bleau ik hingjen yn de stêd Sorong, oan de uterste westpunt fan de Fûgelkop. Mar ik waard dêr opfongen troch in my ûnbekende man út, al wer, Teminabuan. Hy wie it plysjekantoar ynrûn, tafallich op it momint dat ik dêr myn papieren regelje moast, en út it petear dêr oer it doel fan myn reis makke hy al gau op dat ik de begelieder wêze moast fan dy jonge antropolooch yn Teminabuan. No, dy kende hy ek hiel goed want dy hie by him yn de kost west. Koartom, we wienen al hast in bytsje famylje en ik moast en soe mei foar in miel iten nei syn skoansuster yn Sorong. Dat ik mei nei dy skoansuster. Dêr wachtte in nije ferrassing. Sy blik krekt de deis tefoaren trouw to wêzen mei in âld-buorman fan 15 jier lyn út Manokwari, 200 km fierderop. Mar amper fan de fernuvering fan dat wersjen bekommen folge noch ien. Want wa kamen dêr oan setten: dominy en mefrou Marcus 'út Itens' (yntusken te Amersfoart). Se kenden my fansels net werom, mar ik harren wol. Uterlik wiene se net iens sa folle feroare. Boppedat, beiden hiene se noch altyd it wurd en it werwurd, gauris tagelyk. No ja, der wie ek hiel wat te fertellen. It wie harren lêste reis nei Nij-Guinea en se wienen ek ûnderweis nei Teminabuan. En doe wie it myn beurt. Ik koe harren fernije dat ik jierren lyn ek yn 'e Fûgelkop wurke hie, mar ek dat ik noch mear jierren lyn foar it earst mei Nij-Guinea yn 'e kunde kaam yn Fryslân en wol yn de Doopsgesinde pastorijs fan Itens. Doe wie it êfkes stil, mar net lang. Dizze kear naam ds. Marcus allinnich it wurd en syn kommentaar wie koart en dúdlik: 'Nou Miedema, dan is die reis naar Itens destijds tenminste niet voor niks geweest.'



De lêste DAF op Nij-Guinea (foto: Jelle Miedema, Teminabuan 1975)